

Oarder foar de betsjinning fan it hillich Nachtmiel

I

(neffens de Nederlânske grifformearde tradysje)

Dizze tsjinst is op de sneins dêrfoar yn 'e tsjinst fan it Wurd oankundige en, as de tsjerkerie dat winsklik achtet, taret. Yn de tariedingstsjinst kin it formulier al lêzen wurde oant: Betinking fan Kristus.

De tsjinner giet as it kin efter de nachtmielstafel stean.

WURDEN FAN YNSETTING

Beminden yn de Heare Jezus Kristus, harkje nei de wurden fan 'e ynsetting fan it hillich Nachtmiel fan ús Heare Jezus Kristus, sa't de hillige apostel Paulus ús dy beskreaun hat, (1 Kor 11:23-29): Want sels haw ik by oerlevering fan de Hear ûntfongen, wat ik jimme wer trochjûn haw. De Hear Jezus naam yn 'e nacht, dat Er oerlevere waard, brea; en nei't Er tanke hie, bried Er it brea en sei: Dit is myn lichem dat foar jimme brutsen wurdt. Doch dat ta in oantinken oan My. Allyksa naam Er de beker, nei it iten en sei: Dizze beker is it nije ferbûn dat fêstleit yn myn bloed. Doch dat, sa faak jimme dêrút drinke, ta in oantinken oan My. Want alle kearen, dat jimme fan dit brea ite en út 'e beker drinke, ferkundigje jimme de dea fan de Hear, oant Er komt. Dêrom, wa't op in ûnwaardige wize fan it brea yt of út 'e beker drinkt, dy besûndiget him oan it lichem en it bloed fan de Hear. In minske moat himsels dus ûndersykje en sà fan it brea ite en út 'e beker drinke. Want wa't yt en drinkt sûnder der mei te rekkenjen dat it it lichem fan de Hear is, hellet mei sok iten en drinken in oardiel oer himsels.

SELSÛNDERSYK

Sille wy no ta ús treast it Nachtmiel fan de Hear hâlde, dan is it alderearst nedich, dat wy ússels goed hifkje; en fierder moatte wy it doel foar eagen hâlde, dêr't de Heare Kristus it ta ornearre en ynsteld hat, nammentlik, om Him te betinken.

It wiere selsûndersyk bestiet út dizze trije stikken:

Alderearst moat in elk by himsels syn sünden en ferfloking betinke, dat er himsels mishaget en him foar God lyts makket; om't de grime fan God tsjin de sünde sa grut is dat Er dy net sûnder straf litte koe, mar oan syn leave Soan Jezus Kristus mei de bittere en smaadlike dea oan it krús straft hat.

Yn it twadde plak sil in elk himsels ûndersykje, oft er dizze wisse belofte fan God wol leaut, dat him, allinnich om it lijen en stjerren fan Jezus Kristus, al syn sünden ferjûn binne en Kristus' folsleine gerjochtichheid him as syn eigen tarekkene en jûn is; ja sa folslein, as hied er yn eigen persoan al syn sünden betelle en alle gerjochtichheid folbrocht.

Yn it tredde plak sil in elk syn gewisse ûndersykje, oft it him ynmoed is, tenei mei syn hiele bestean God de Heare wiere tankberheid te bewizen en foar Gods antlit oprjocht te libjen; allyksa oft er alle fijânskip, haat en niid fan herten oerjaan wol en, sûnder de minste skynhilligens, earlik fan doel is fan no ôf mei syn neiste yn wiere leafde en ienriedigens te libjen.

FERKUNDIGING FAN GODS GENEDE
EN FERMOANNING FAN 'E SÛNDERS

Allegearre dan, wa't dat ynmoed is, wol God wis yn genede oannimme en mei oansitte litte oan 'e tafel fan syn Soan Jezus Kristus. Mar dy't dat tsjûgenis yn har herten net fernimme, dy ite en drinke harsels in oardiel.

Dêrom't fermoanje wy ek, neffens it gebod fan Kristus en fan 'e apostel Paulus, allegearre dy't by har witten besmet binne mei de neikommende oanstjitlike sünden, om har fan 'e tafel fan de Heare te ûnthâlden, en sizze harren oan dat hja gjin diel ha yn it Ryk fan Kristus; lykas dêr binne: alle ôfgoadetsjinnens; allegearre dy't ferstoarne hilligen, ingels of hokker oare skepsels oanroppe; allegearre dy't de bylden eare oandogge; alle tsjoenders en wiersizzers, dy't fee of minsken en oare dingen segenje en dy't oan sa'n segen leauwe; alle ferachters fan God, fan syn Wurd en fan 'e hillige sakraminten; alle Godslasterders; allegearre dy't ta twadracht, skuorring en oproer oansette wolle yn tsjerken en yn 'e regearingen

fan 'e wrâld; allegearre dy't falske eden dogge; allegearre dy't har âlden en har oerheden oerhearrich binne; alle deaslaggers, tsierders en dy't yn haat en niid mei har neisten libje; alle troubrekkers, huorkers, drinkers, dieven, woekerders, rôvers, spilers, jildsuchtigen, ja al dejingen dy't mei har libben oanstjit jouwe. Dy allegearre, salang't hja yn sokke sûnden bliuwe, sille har ûnthâlde fan dizze spize dy't Kristus allinnich ornearre hat foar syn leauwigen; dat har feroardieling net namste swierder wurde mei.

of:

Dêrom fermoanje wy ek, neffens it gebod fan Kristus en fan 'e apostel Paulus, allegearre dy't by har witten besmet binne mei de neikommende oanstjitlike sûnden, om har fan 'e tafel fan de Heare te ûnthâlden, en sizze harren oan dat hja gjin diel ha yn it Ryk fan Kristus:

alle ôfgoadetsjanners;

allegearre dy't har in byld fan God meitsje;

allegearre dy't it Wurd fan God en syn hillige sakraminten ferachtsje;

allegearre dy't de Namme fan God lasterje en misbrûke;

allegearre dy't twadracht siedzje yn 'e tsjerke en yn ús folk;

dy't wegerje har del te jaan ûnder it bewâld yn tsjerke en maatskippij;

allegearre dy't yn haat en niid mei har neiste libje of net foar har wurden stean;

dy't it libben, dat God ús joech, ferachtsje;

dy't it houlik mei opsetsin yn gefaar bringe, fan harsels of fan oaren;

allegearre dy't har oerjouwe oan ferslaving;

dy't út binne op jild en besit;

allegearre dy't fan it geniet har god meitsje.

Dy allegearre, salang't hja har net bekeare en yn har sûnde bliuwe, sille har ûnthâlde fan dizze spize dy't Kristus allinnich ornearre hat foar syn leauwigen; dat har feroardieling net namste swierder wurde mei.

Mar dat wurdt ús, beminde bruorren en susters yn de Heare,

net foarhâlden om de fersleine herten fan 'e leauwigen mismoedich te meitsjen, as soe oars gjinien oan it Nachtmiel fan de Heare gean meie as dy't sûnder wryt of slyt wie. Want wy geane net oan dit Nachtmiel om dêrmei te betsjûgjen, dat wy yn ússels folslein en rjochtfeardich binne; nee krekt-oarsom, om't wy ús libben bûten ússels yn Jezus Kristus sykje, belide wy sadwaande, dat wy midden yn 'e dea lizze. Ja, it is wol wier: wy befine noch alderhanne lek en brek en ellinde yn ús, bygelyks dat wy gjin folslein leauwe ha, dat wy ús ta de tsjinst fan God net bejouwe mei sa'n iver as wy skuldich binne, mar ynpleats dei oan dei te striden ha mei de swakkens fan ús leauwe en de ferkearde hertstochten fan ús minsklike natuer. Lykwols dogge troch de genede fan de hillige Geast sokke lekken en brekken ús fan herten leed, en begeare wy tsjin ús ûnleauwe te striden, en te libben nei alle geboaden fan God. Sa sille wy der wis fan wêze, dat gjin sûnde noch swakkens, dy't noch tsjin ús sin yn ús oerbleaun is, ús behinderje kin, dat God ús yn genede oanimme soe en ús sa dizze himelske spize en drank weardich en dielhaftich meitsje.

BETINKING FAN KRISTUS

Lit ús, yn it twadde plak, no ek oertinke, mei wat doel de Heare ús syn Nachtmiel ynset hat: te witten om it te fieren ta syn oantinken. Mar op dizze wize sille wy Him dêrby betinke:

Yn 't foarste plak sille wy mei it hiele hert betrouwe, dat ús Heare Jezus Kristus, neffens de beloften dy't de foarâlden yn it Alde Testamint fan it begjin ôf dien wienen, troch de Heit yn dizze wrâld stjoerd is, ús fleis en bloed oannommen hat, de grime fan God, dêr't wy foar ivich ûnder fersinke moatten hienen, fan it begjin fan syn minske-wurden ôf oan 'e ein fan syn libben op ierde ta foar ús droegen hat, en alle hearrichheid en gerjochtichheid fan 'e godlike wet foar ús neikommen is; benammen doe't de lêst fan ús sûnden en fan Gods grime Him yn it hôf it bloedige swit útdrukte, dêr't Hy bûn waard om ús te ûntbinen; en is dêrnei bedutsen ûnder alle mooglike smaad, dat wy nea wer te skande komme mochten; en is ûnskuldich feroardiele ta de dea, dat wy foar it rjocht fan God frijsprutsen wurde soenen; ja Hy hat syn segene lichem oan it krús spikerje lit-

ten, dat Er it hânskrift fan ús sûnden dêroan befêstigje soe; en hat sa de ferflokkening fan ús op Himsels nommen, dat Er ús folmeitsje soe mei syn segen; en hat Him fernedere oant yn 'e alderdjipste smaad en eangst fan 'e hel, nei lichem en siel, oan it hout fan it krús, doe't Er rôp mei útset lûd: Myn God, myn God! wêrom ha Jo My ferlitten? dat wy ta God nommen en nea wer fan Him ferlitten wurde sille; en hat op 't lêst mei syn dea en bloedstoarting it nije en ivige testamint, it ferbûn fan 'e genede en de fersoening bekrêftige, doe't Er sei: It is folbrocht.

UNDERWIZING OANGEANDE DE YNSETTING

Dat wy no fêst leauwe sille, dat wy ta dit genedeferbûn hearre, naam de Heare Jezus yn syn lêste Nachtmiel it brea, en doe't Er dêr de tanksizzing oer útsprutsen hie, briek Er it en joech it syn learlingen en sei: Nim, yt, dit is myn lichem dat foar jimme jûn wurdt. Allyksa nei't hja iten hienen, naam Er de beker, en doe't Er tanke hie, joech Er harren dy en sei: Drink dêr allegearre út. Dizze beker is it nije ferbûn dat fêstleit yn myn bloed, dat foar jim en foar mannichten fergetten wurdt, ta ferjouwing fan 'e sûnden. Doch dat, sa faak as jim dy drinke sille, ta in oantinken oan My. Dat is: sa faak as jim fan dit brea ite en fan dizze beker drinke, sille jim dêrtroch as troch in wis oantinken en pân, fermoanne en bewisse wurde fan myn hertlike leafde en trou foar jim, dat Ik foar jim, dy't oars de ivige dea stjerre moasten, myn lichem oan it hout fan it krús yn 'e dea jou, en myn bloed ferjit, en jim hongerejende en toarstige sielen mei dit myn krusige lichem en fergetten bloed spiizje en laavje ta it ivige libben, like wis as in elk dit brea foar syn eagen brutsen en dizze beker him jûn wurdt en jim dy ta myn oantinken ite en drinke mei jim mûle.

Ut dy ynsetting fan it hillich Nachtmiel fan ús Heare Jezus Kristus sjogge wy, dat Hy ús leauwen en betrouwen wiist op syn folslein offer, dat ienris bard is oan it krús, as op 'e iennichste grûn fan ús sillichheid. Want dêr is Er foar ús hongerejende en toarstige sielen wiere spize en drank fan it ivige libben wurden. Troch syn dea ommers hat Er de oarsaak fan ús ivige honger en kommer, te witten de sûnde, weinommen en ús de libbenmeitsjende Geast wûn; dat wy troch dy Geast, dy't yn Kristus wennet as yn it haad en yn

ús as syn leden, wiere mienskip mei Him ha soenen, en diel krije oan al syn goed: it ivige libben, de gerjochtichheid en de hearlikheid.

En boppedat, dat wy troch dyselde Geast ûnderinoar, as leden fan ien lichem, ek ferbûn wurde yn echte bruorreleafde; lykas de hillige apostel seit: Om't it ien brea is, binne wy, hoe machtich ek, ien lichem, want allegearre hawwe wy diel oan it iene brea. Want lykas út wthoefolle nôtkerlen ien moal meald en ien brea bakt wurdt, en út wthoefolle druven gearparse, ien wyn en drank rint en him mingt, sa sille wy allegearre, dy't troch it wiere leauwe Kristus ynplante binne, troch bruorreleafde, om 'e wille fan Kristus, ús leave Sillichmakker, dy't ús yn it foar sa bysûnder leafhân hat, allegearre mei-inoar ien lichem wêze en dêr net allinne mei wurden, mar ek mei de died inoar de bliken fan jaan.

Dêrta mei de almachtige God en Heit fan ús Heare Jezus Kristus ús helpe, troch syn hillige Geast. Amen.

GEBEDEN

Mar sil ús dat allegearre barre meie, lit ús ússels dan foar God lyts en dimmen meitsje en Him mei in wier leauwe oanroppe om syn genede:

Nachtmielsbea

Barmhertige God en Heit, wy bidde Jo, wol yn dit Nachtmiel, dêr't wy it kostber oantinken fan 'e bittere dea fan jo leave Soan Jezus Kristus yn ûnderhâlde, troch jo hillige Geast yn ús herten teweech bringe, dat wy ús mei ynmoedich betrouwen wat langer wat mear oerjouwe oan jo Soan Jezus Kristus. Lit sa troch de krêft fan de hillige Geast ús beswi-erre en fersleine herten spiizge en lave wurde mei syn wiere lichem en bloed, ja mei Himsels, wier God en minske, it ien-nige himelske brea. Lit ús net mear yn ús sûnden, mar Hy yn ús en wy yn Him libje. Lit ús sa oan it nije en ivige testamint en ferbûn fan 'e genede diel krije, dat wy net twivelje, of Jo sille ivich ús genedige Heit wêze, ús ús sûnden nea mear tarekkenje en nei lichem en siel foar ús soargje mei alle ding, as jo beminde bern en erfgenamten. Beskik ús ek jo genede dat wy bliid ús krús op ús nimme, ússels ferleagenje, ús Heilân belide en yn alle drôfenis – de holle

omheech – ús Heare Jezus Kristus út 'e himel ferwachtsje, dêr't Er ús stjerlike lichem oan syn ferhearlike lichem allyk meitsje sil en ús ta Him nimme yn ivichheid. **Amen.**

Gebed fan de Hear

Us Heit...

Amen.

Belidenis fan it leauwe

Wol ús troch dit hillich Nachtmiel ek fersterkje yn it kristlik leauwe, dêr't wy mei mûle en hert belidenis fan dogge, mei dizze wurden:

Ik leau yn God, de Heit, de Almachtige, Skepper fan himel en ierde.

En yn Jezus Kristus, syn iennichste Soan, ús Hear, dy't ûntfongen is fan de hillige Geast, berne út 'e faam Maria, dy't lit hat ûnder Pontius Pilatus, krusige, stoarn en begroeven is, deltein yn it deaderyk, de tredde deis wer opstien fan 'e deaden, opfearn nei de himel, en no sit oan 'e rjochterhân fan God, de almachtige Heit, dêr't Er weikomme sil om te oardieljen de libbenen en de deaden.

Ik leau yn de hillige Geast, de hillige, katolike tsjerke, de mienskip fan 'e hilligen, de ferjouwing fan 'e sûnden, de ferrizenis fan it lichem en it ivige libben. **Amen**

SAMMELJEN FAN 'E JEFTEN

Dizze samling kin ek plak fine nei de skriftlêzing of nei de preek.

LIET

TARIEDING FAN 'E TAFEL

NOEGING: HEEVJE DE HERTEN

Sille wy spizige wurde mei it wiere, himelske brea Kristus, lit ús dan net oan 'e uterlike tekens fan brea en wyn hingjen bliuwe, mar ús herten opheevje yn 'e himel, dêr't Jezus Kristus is, ús Foarsprekker oan 'e rjochterhân fan syn himelske Heit, dêr't de artikels fan ús kristlik leauwe ús ek hinne wize. En lit ús net twivelje, dat troch de wurking fan

de hillige Geast ús sielen like wier spizige en lave wurde mei syn lichem en bloed, as wy it hillige brea en de hillige drank ûntfange ta syn oantinken.

Kom no, want alle dingen binne ree.

UTDIELING EN KOMMUNY

By it brekken en útdielen fan it brea seit de tsjinner:

It brea dat wy brekke is de mienskip mei it lichem fan Kristus.

Nim, yt, betink en leau, dat it lichem fan ús Heare Jezus Kristus brutsen is ta in folsleine fersoening fan al ús sûnden.

En as er de beker jout:

De beker fan 'e tanksizzing, dêr't wy de tanksizzing oer útsprekke, is de mienskip mei it bloed fan Kristus.

Nim, drink dêr allegearre út, betink en leau, dat it kostber bloed fan ús Heare Jezus Kristus fergetten is ta in folsleine fersoening fan al ús sûnden.

Wylst de gemeente yt en drinkt, kin hja sjonge of wurde guon haadstikken lêzen ta betinking fan it lijen fan Kristus, bygelyks Jes 53, Joh 13, 14, 15, 16, 17, 18 of oare.

TANKSIZZING

Nei de kommuny sil de tsjinner sizze:

Lofprizing

Beminden yn de Heare, no't de Heare ús sielen by syn tafel spizige hat, lit ús allegearre mei-inoar syn Namme tanksizze en priizgje, en in elk mei sizze yn syn hert:

Psalm 103:1-4 en 8-13

Lit al wat yn my is de Heare loovje,
it djipste fan myn wêzen syn hillige Namme priizgje.
Lit al wat yn my is de Heare loovje,

en net ien fan syn woldieden ferjitte.
 Al dyn sünden ferjout Er,
 fan al dyn kwalen makket Hy dy better.
 Dyn libben keapet Er los út it grêf.
 Hy kroanet dy mei geunst en erbarming.
 Barmhertich en genedich is de Heare,
 geduldich en fol fan geunst.
 Hy sil net einleas stride,
 Hy wol net ivich lilk bliuwe.
 Hy docht ús net neffens ús sünden
 en ferjildt ús net neffens ús skuld.
 Want sa heech as de himel is boppe de ierde,
 sa heech stiet syn geunst oer dy't Him freezje.
 Sa fier as it easten leit fan it westen,
 sa fier docht Er ús sünden by ús wei.
 Lykas in heit begrutsjen hat mei syn bern,
 hat de Heare begrutsjen mei dy't Him tsjinje.

Rom 8:32 en 5:8-10

Hy sels hat syn eigen Soan net sparre, mar Him foar ús allegearre oerlevere – hoe soe Er ús mei Him dan net alles út genede jaan?

God lykwols hat ús dúdlik sjen litten dat Er ús leaf hat: Want doe't wy noch sünders wienen, is Kristus foar ús stoarn. Troch syn dea hawwe wy no de frijspraak krige. Nammerstemear sille wy dan troch Him bewarre bliuwe foar Gods grime. Doe't wy noch fijannen wienen, binne wy mei God fermoedsoene troch de dea fan syn Soan. No't wy fermoedsoene binne, sille wy dan nammerstemear bewarre bliuwe troch syn libben.

Dêrom sil myn mûle en hert de lof fan de Heare ferkundigje, fan no ôf oant yn ivichheid. Amen.

Tankgebed

Lit ús bidde.

Almachtige, barmhertige God en Heit, wy tankje Jo mei ús hiele hert, dat Jo út grûnleaze barmhertigens ús jo ienichstberne Soan jûn hawwe as Middeler en offer foar ús sünden, en spize en drank fan it ivige libben; en dat Jo ús in wier leauwe jouwe, dêr't wy dizze woldieden fan Jo troch ûntfange meie. Jo hawwe ús ek, ta fersterking dêrfan, troch jo leave Soan Jezus Kristus it hillich Nachtmiel ynstelle en

beskikke litten. Wy bidde Jo, o trouwe God en Heit, wol, troch de wurking fan jo hillige Geast, it oantinken fan ús Heare Jezus Kristus en de ferkundiging fan syn dea dei oan dei yn ús groeie litte – troch Him, jo leave Soan Jezus Kristus, dy't mei Jo en de hillige Geast, ien ienich God, libbet en regearret yn ivichheid. Amen.

LIET

SEGEN

Gean hinne yn frede en ûntfang de segen fan de Heare:

De genede fan de Heare Jezus Kristus
en de leafde fan God
en de mienskip fan de hillige Geast,
wês mei jim allegearre.
Amen.

Oarder foar de betsjinning fan it hillich Nachtmiel

II

(neffens it nachtmielsformulier fan Kalvyn)

Nei de preek giet de tsjinst fierder mei

TANKSIZZING EN FOARBEA

BELIDENIS FAN IT LEAUWE

Ik leau yn God, de Heit, de Almachtige, Skepper fan himel en ierde.

En yn Jezus Kristus, syn iennichste Soan, ús Hear, dy't ûntfongen is fan de hillige Geast, berne út 'e faam Maria, dy't lit hat ûnder Pontius Pilatus, krusige, stoarn en begroeven is, deltein yn it deaderyk, de tredde deis wer opstien fan 'e deaden, opfearn nei de himel, en no sit oan 'e rjochterhân fan God, de almachtige Heit, dêr't Er weikomme sil om rjocht te dwaan de libbenen en de deaden.

Ik leau yn de hillige Geast, de hillige, katolike tsjerke, de mienskip fan 'e hilligen, de ferjouwing fan 'e sûnden, de ferrizenis fan it lichem en it ivige libben. **Amen**

SAMMELJEN FAN 'E JEFTEN

YNSETTINGSWURDEN

Lit ús harkje nei hoe't ús Hear Jezus Kristus it hillich Nachtmiel ynset hat, lykas Paulus it werjout yn 1 Kor 11:23-29:

Want sels haw ik by oerlevering fan de Hear ûntfongen, wat ik jimme wer trochjûn haw.

De Hear Jezus naam yn 'e nacht, dat Er oerlevere waard, brea;

en nei't Er tanke hie, briek Er it brea en sei:

Dit is myn lichem foar jimme.

Doch dat ta in oantinken oan My.

Allyksa naam Er ek de beker, nei it iten en sei:

Dizze beker is it nije ferbûn dat fêstleit yn myn bloed.

Doch dat, sa faak jimme dêrút drinke, ta in oantinken oan My.

Want alle kearen dat jimme fan dit brea ite
 en út 'e beker drinke,
 ferkundigje jimme de dea fan de Hear, oant Er komt.
 Dêrom, wa't op in ûnwaardige wize fan it brea yt
 of út 'e beker drinkt,
 dy besûndiget him oan it lichem en it bloed fan de Hear.
 In minske moat himsels dus ûndersykje
 en sà fan it brea ite en út 'e beker drinke.
 Want wa't yt en drinkt sûnder der mei te rekkenjen
 dat it it lichem fan de Hear is,
 hellet mei sok iten en drinken in oardiel oer himsels.

FERMOANNING FAN 'E SÛNDERS

Neffens it gebod fan Kristus en fan 'e apostel Paulus, fermoanje wy allegearre
 dy't by har witten besmet binne mei de neikommende
 oanstjitlike sûnden,
 om har fan 'e tafel fan de Heare te ûnthâlden,
 en wy sizze harren oan
 dat hja gjin diel ha yn it Ryk fan Kristus:
 alle ôfgoadetsjinnens;
 allegearre dy't har in byld fan God meitsje;
 allegearre dy't it Wurd fan God en syn hillige sakraminten
 ferachtsje;
 allegearre dy't de Namme fan God lasterje en misbrûke;
 allegearre dy't twadracht siedzje yn 'e tsjerke en yn ús folk;
 dy't wegerje har del te jaan ûnder it bewâld yn tsjerke en
 maatskippij;
 allegearre dy't yn haat en niid tsjin har neiste libje
 of net foar har wurden stean;
 dy't it libben, dat God jout, ferachtsje;
 dy't it houlik mei opsetsin yn gefaar bringe,
 fan harsels of fan oaren;
 allegearre dy't har oerjouwe oan ferslaving;
 dy't út binne op jild en besit;
 allegearre dy't fan it geniet har god meitsje.

Dy allegearre, salang't hja har net bekeare,
 mar yn har sûnde bliuwe,
 sille har ûnthâlde fan dizze spize,
 dy't Kristus allinnich ornearre hat foar syn leauwigen;

dat har feroardieling
net namste swierder wurde meie.

SELSÛNDERSYK EN GENEDEFERKUNDIGING

Lit ús dan allegearre dwaan dêr't Paulus ús ta oantrunet:
ús gewisse ûndersykje en neigean,
oft wy wier berou hawwe oer ús sûnden en misstappen,
oft wy wier langst hawwe
om tenei hillich en nei Gods wil te libjen,
en boppe alles:
oft wy fertrouwe op 'e barmhertigens fan God
en it heil allinne sykje yn Jezus Kristus
en oft wy ree binne
om ôf te sjen fan alle fijânskip en wrok
en de wil en de moed hawwe
om yn ienriedigens en leafde
mei ús neisten te libjen.

As wy dêr fan herten
en foar Gods antlit fan oertsjûge binne,
dan meie wy der wis fan wêze
dat Hy ús as syn bern oansjocht
en dat ús Hear Jezus Kristus ús nei syn tafel ropt
om ús dit hillich sakramint te jaan,
sa't Hy dat ek dielde mei syn learlingen.

En hoefolle swakte en ellinde wy ek yn ús hert fernimme,
lykas in ûnfolselein leauwe, ja ûnleauwe en wanbetrouwen
en in tekoart oan tawijing oan 'e tsjinst fan God,
en dêrom alle dagen wer te striden ha
tsjin wat ús ta it ferkearde driuwt,
dochs meie wy der allegearre wis fan wêze
dat ús lekken en brekken
Him net behinderje sille om ús te ûntfangen
en ús weardich te meitsjen
om diel te hawwen oan dizze geastlike tafel,
want ús Hear hat ús yn syn genede
it Evangeelje ynprinte.
Dêrom binne wy alle ûnleauwe treast
en kinne wy ús eigen langsten oan 'e kant sette
en syn gerjochtichheid en geboaden folgje.

Wy komme ommers net nei de tafel
om ús eigen folsleinens en gerjochtichheid te betsjûgjen,
krektoarsom: troch ús libben te sykjen yn Jezus Kristus
belide wy dat wy yn 'e dea binne.

Sjoch dan yn
dat dit Sakramint in medisyn is foar earme siken
en de weardichheid dy't de Hear fan ús freget
neat oars is as ússels te kennen,
ús fan ús tekoarten ôf te kearen
en ús blydskip, freugde en inerlike frede
allinne te finen yn Him.

Lit ús dan boppe alles leauwe yn 'e beloften fan Him,
troch Him mei eigen mûle útsprutsen, –
Jezus Kristus dy't de folsleine wierheid is.
Dan witte wy
dat Hy ús wier diel jaan wol
oan syn lichem en bloed,
ús sa eigen, dat Hy yn ús libbet en wy yn Him.
En al sjogge wy inkeld brea en wyn,
wy twivelje der net oan dat Hy inerlik yn ús folbringt
wat Er ús uterlik troch dizze sichtbere tekens toant:
himelsk brea dat ús sêdet,
spize foar it ivige libben.

It past ús dêrom net om ûntankber te wêzen
foar de ûneinige goedens fan ús Heilân,
dy't ús oan syn tafel
al syn rykdommen en goed toant en útdielt.
Troch Him sa oan ús te jaan
betsjûget Er dat alles wat Er hat, uzes is.
Want wy krije dit sakramint as in rjochtfeardich lean,
ús tarekkene út 'e krêft fan syn lijen en dea,
as hienen wy dit yn eigen persoan ûndergien.

Dêr't Jezus Kristus sels
ús leafdefol ropt troch syn Wurd,
kinne wy dochs net sa dwers en ferkeard wêze
om tebek te skriljen,
mar sille wy dizze kostbere jefte dy't Hy ús jout

nei wearde skatte
en ús mei grutte iver oan Him jaan
dy't ús yn steat stelt om Him te ûntfangen.

NOEGING

Lit ús dan geast en hert opheevje
nei Jezus Kristus
yn 'e hearlikheid fan syn Heit,
dêr't wy Him wei ferwachtsje ta ús ferlossing.
Dêrom moatte wy ek net hingjen bliuwe
oan dizze ierdske en fergonklike eleminten
dy't wy foar eagen ha en mei de hannen oanreitsje,
as soenen wy Him dêr sykje moatte,
besletten yn brea en wyn.
Us herten sille dan allinne ree wêze
om sêde en libben makke te wurden troch syn wêzen,
as se har sa boppe alle ierdske dingen út ferheffe,
oant se yn 'e himel rikke
en it Keninkryk fan God yngean,
dêr't Hy wennet.
Sa kinne wy dus ta mei brea en wyn
as tekens en tsjûgenissen
en sykje wy geastlik de wierheid
dêr't Gods Wurd ús taseit dat wy dy fine sille.

GEBED FAN DE HEAR

Us Heit yn 'e himel...
Amen.

MIENSKIP FAN BREA EN WYN

Kom, want alle dingen binne ree.

De foargonger nimt it brea, brekt, dielt it om en seit:

It brea, dat wy brekke,
is de mienskip mei it lichem fan Kristus.
[Nim, yt, betink en leau,
dat it lichem fan ús Heare Jezus Kristus
brutsen is ta in folsleine fersoening
fan al ús sûnden.]

De foargonger tilt de beker omheech, jout dy en seit:

De beker fan 'e tanksizzing,
dêr't wy de tanksizzing oer útsprekke,
is de mienskip mei it bloed fan Kristus.
[Nim, drink dêr allegearre út,
betink en leau,
dat it kostber bloed fan ús Heare Jezus Kristus
fergetten is ta in folsleine fersoening
fan al ús sûnden.]

Wylst de gemeente yt en drinkt, kinne lieten songen wurde; der kin ek muzyk makke wurde.

GEBED NEI IT MIEL

Himelske Heit, wy priizgje en tankje Jo,
dat Jo sa'n grut goed skonken hawwe
oan ús, earme sûnders,
en dat Jo ús diel jûn hawwe
oan de mienskip mei jo Soan
Jezus Kristus, ús Hear,
dy't Jo foar ús oerjûn hawwe yn 'e dea
en dy't Jo ús skinke as spize foar it ivige libben.
No't Jo ús dan dat goed jouwe,
lit ús dat allegearre nea ferjitte,
mar it yn ús hert bewarje
om sa te waaksen en te groeien
yn in leauwe dat him uteret yn goede deden.
Meitsje dat wy sadwaande ús hiele libben rjochtsje
op de ferheging fan jo gloarje
en de tsjinst oan ús neiste,
troch Jezus Kristus, jo Soan,
dy't yn 'e ienheid fan de hillige Geast
mei Jo libbet en regearret yn ivichheid.
Amen.

LIET

SEGEN

Gean hinne yn frede en ûntfang de segen fan de Heare:

De genede fan de Heare Jezus Kristus
en de leafde fan God
en de mienskip fan de hillige Geast,
wês mei jim allegearre.
Amen.

Oer it Nachtmiel meditaasje

Koart foar syn hinnegean hat Jezus
troch mei syn learlingen it miel te hâlden
dúdlik makke wat syn lêste wil wie.
Harren hat Er opdracht jûn
om dat ek nei syn hinnegean
op deselde wize te dwaan.

It mei-inoar iten hat altyd en oeral
foar minsken
in eigen taal sprutsen.
Benammen feestlike en befrijende foarfallen
wurde by foarkar mei in feestmiel fierd.

It miel dat Jezus ynstelde,
spriek neist dy algemien minsklike taal
benammen de taal fan it Alde Testamint.
De wei fan God mei Israel
rint fan it iene nei it oare miel:
fan it Pêdachmiel
– de jierlikse betinking fan 'e befrijing út Egypte –
nei it miel fan de grutte takomst,
wannear't de Hear op 'e Sion syn feestmiel oanrjochtet.

Mei Jezus wie dy takomst begûn,
krekt foar minsken dy't der net op hoopje koenen.
Sichtber waard dat benammen
dêr't Jezus oansiet mei tolgarders en sûnders.

By it lêste miel foar syn dea
foege Jezus, oan wat se wend wienen,
– ûnder oare brea en wyn –
de nije heilsbetsjutting ta
fan syn oansteande frijwillige dea.

Alle ferhalen oer moetingen fan Jezus nei de opstanning
steane yn it teken fan it miel.
Fan doe ôf
gong de wei fan Kristus' gemeente
fan miel ta miel.

Yn it fieren fan it miel
grypt hja foarút op it miel
fan de foltôge freugde en mienskip.
Tagelyk sjocht hja werom
op de wei fan Jezus
dêr't har dy takomst yn ûntsletten is.
En hja wit, dat har Hear dy't no ferhege is,
yn 'e Geast
as de gasthear fan har fieringen
oanwêzich bliuwt.

Dit miel
is de meast omfiemjende útdrukking fan it heil.
Yn in hieltyd fernijde ferbûnssluting
leit de hiele wei fan it heil foar ús besletten.
It ferline fan Kristus' offer,
de takomst fan it ryk fan God
en it hjoed fan de oanwêzichheid fan Kristus yn 'e Geast
komme deryn byinoar.
Tagelyk falt hjir
de mienskip mei God gear
mei de mienskip
fan 'e leden fan it Kristus-lichem ûnderinoar.
Yn dizze fiering
sjogge wy tagelyk werom en foarút,
tagelyk nei boppen (nei de ferhege Hear),
om ús hinne (nei de minsken)
en foar ús (nei de tafel mei de tekens fan brea en wyn).

De ferbûnswei fan krús en opstanning,
fan berou en ferjouwing,
fan selsfersaking en ferrizenis,
wurdt ús hieltyd op 'e nij foartekene.
Dêrom hearsket oan dizze tafel in sfear
fan skuldbesef en skrutenens oan 'e iene kant,
en fan befrijing en útsjoch op 'e takomst oan 'e oare kant.
Mar it twadde hat de boppetoan op it earste.
De gemeente beseft de priis
dy't har Hear betelje moast
en doart lykwols op syn gesach dit feest te fieren.

